



ALDE DOAZEN

(Vrouwen van later)

In gloednige komeedzje

fan

THOMAS VERBOGT

Fryske oersetting

Anneke Burgy

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ALDE DOAZEN - VROUWEN VAN LATER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **THOMAS VERBOGT** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Hummelinck Stuurman

Uitgave: Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

SPILERS:

Mimi van der Kwast

Marleen - har suster

Viviënne

Merel - bernsbern fan Viviënne

PLAK FAN HANNELINGEN;

1. Yn it hûs fan Viviënne.

2. Yn het hûs fan Mimi.

3. Yn it hûs fan Viviënne. Artistryk, rommelich, oangenaam.

4. Yn it hûs fan Mimi. It is in pear oeren letter. It is jûn wurden. It tongeret. Viviënne sit ôfkeard, mei de jas noch oan, lit de moedfearren wat hingje. Merel sit mei Mimi oan tafel. Marleen is dwaande yn de keuken.

1. YN IT HÛS FAN VIVIËNNE

VIVIËNNE: (*blêdet troch de oardner*) Hjiirre. Seit prins Bernhard dy noch wat?

MEREL: (*út in oare romte wei*) Wa?

VIVIËNNE: Wa? Noch net sa lang lyn wie der net ien dy't frege fan wa? As't it oer Prins Bernhard hiest.

MEREL: Prins Bernhard...Is dat net de soan fan ien?

VIVIËNNE: Ja, fansels is dat de soan fan ien... Alle mannen binne in soan fan ien. Mar ik ha it oer de âlde Prins Bernhard. Dy't dea is. Spitigernôch.

MEREL: Graach sa min mooglik deade minsken yn myn holle.

VIVIËNNE: Kin ik spitigernôch net sizze. Der sitte mear deade as libbene minsken yn myn holle. Witst wat ik tsjin de prins sei?

MEREL: Fansels wit ik dat net.

VIVIËNNE: Ik sei: Heechheid- hearlik wurd, heechheid. Sa'n strieljend wurd. In wurd datst yn it sykheljen fielst. Hearlik ek om gewoan te sizzen. Krekt as bist yn in oare wrâld. Ik tink wolris dat ik yn dy wrâld berne bin, yn in foarich libben. Ik kin it fernimme oan lytse dinkjes. As ik myn jas oanlûke wol. Dan wachtsje ik even. (*It brânt Merel al mar mear yn*) As soe der ien komme dy't de jas foar my ophâldt, in fanselssprekkendheid. Dêr by prins Bernhard wie it ek krekt as kaam ik der alle dagen, as soe ik dêr wenne ha, hiel ticht yn de omjouwing fan de prins.

MEREL: Wat seist?

VIVIËNNE: Dan moatst my wol útprate litte. Ik sei: Heechheid, ik wit net oft jo it yn de gaten ha- ja, praatst ek oars- dochst mei wat- in bytsje plechtich, fuller, moat ik sizze.

MEREL: Wat seidest?

VIVIËNNE: Ik sei: Heechheid, ik wit net oft jo it yn de gaten ha dat ik út namme fan in links wykblêd kom. En witst wat de prins doe sei?

MEREL: Meitsje no net alles sa traach.

VIVIËNNE: De prins sei: (*docht de prins nei*) Mefrou Vogels, witte jo dat...

MEREL: Net neidwaan asjeblyft. Dêr kin ik net oer. Wat elk is, is al mear as genôch. Dat hoecht ek net nochris neidien te wurden.

VIVIËNNE: Och, dat is toch leuk.

MEREL: Do moatst boppedat net sels sizze dat it leuk is, as it fan dysels komt. Dat makket in oar wol út. Ik yn dit gefal. Net leuk, net. Net leuk, bep!

VIVIËNNE: Hy sei: Mefrou Vogels, witte jo dat my dat gjin soademiter útmakket, want jo sitte tsjinoer my. Dat sei hy. Hy koe myn

ynterviews wol. Hy hie se lêzen, de prins. Hy koe se allegearre. En witst wat' er noch mear sei?

MEREL: Ik kin net wachtsje.

VIVIËNNE: (*imitearret wer*) Mefrou Vogels...

MEREL: Net dwaan, net.

VIVIËNNE: Mefrou Vogels, troch jo lear ik minsken kennen. It soe wol wêze kenne dat ik troch jo mysels better kennen lear. En wy seagen inoar oan, de prins en ik. En ynienen seach ik him dêr sa sitten, tusken al dy oaljefanten, in bytsje in lyts jonkje, miskien wol in lyts oaljefantsje, de prins. En ik wist dat ik it foar it sizzen hie. Dêr moatst altyd foar soargje; datst de baas bist. Ik hoech mar in pear minuten by ien te wêzen en dan wit ik it al. Ek by de prins. Hy die sels de doar iepen. (*stilte*)

MEREL: Ja? En?

VIVIËNNE: Hy die sels de doar iepen. De prins dus.

MEREL: Ja. Der sil dochs ien iepen dwaan moatte.

VIVIËNNE: De prins!

MEREL: Ja, ik mei dochs hoopje dat'ie wist hoe't je in doar iepen dogge.

VIVIËNNE: Ja...Hy wist wol hoe't je in doar iepen dwaan moatte, elk wit wol hoe't je in doar iepen dogge, mar je ferwachtsje dochs net dat in prins de doar iependocht.

MEREL: "Wêrom net?"

VIVIËNNE: Soestdijk, berntsje. D'r wurket fan alles op sa'n paleis. En toch die hy de doar sels iepen. Yn heechst eigen persoan. Dêr stie'er. De prins. Yn de doariepening. Mei de piip oan, en in brún mansjester jaske. No...Doe wist ik wol even genôch.

MEREL: Hoe lang is dat no lyn?

VIVIËNNE: Ik ha it oer prins Bernhard. Ik ha it oer myn ynterviews. Ik ha it oer myn ynterviews mei in elk dy't fan Nederlân Nederlân makke hat, de sfear fan Nederlân, de mentaliteit fan Nederlân, de útstrieling fan Nederlân, de krêft fan Nederlân.

MEREL: As ik in pear kear achter inoar Nederlân hear, dan fyn ik it ynienen sa'n begrutlik lân.

VIVIËNNE: De siel fan Nederlân.

MEREL: Nederlân. Kinst der eins noait lang oer prate. Foar' st it witst is it in poddestoel mei wite stippen. Of it komt út in lyts struibuske.

VIVIËNNE: (*sjocht ynienen wat skrikkerich fansiden*) Sêchst dat ek?

MEREL: Wat?

VIVIËNNE: It wie krekt as beweegde dêr wat, dêr. In dinkje.

MEREL: Watfoar dinkje?

VIVIËNNE: Gewoan in dinkje. As ik dinkje sis, wit ik net sa gau wat

ik oars sizze moat. Oars soe ik wol kreker wêze. It like op, ja, wêr like it no op? No ja. Ik sil my wol fersind ha. (*set wer fleurich útein*) Neat is lang lyn, neat. (*har opsomming is mei klam, belangryk, soms falt der in stilte*) Akteurs, topakteurs, politisy, en net de earste de bêste politisy, ek politisy dy't wat te sizzen ha, minister-presidinten, fraksjelieders, dûnsers en dûnseressen, folkssjongers, skriuwers, byldzjend keunstners, fabrikanten, yndustriëelen, de âlde Philips jawis, restauranteigners, ferneamde selsmoardners dy't op it lêste momint noch wer foar it libben keazen, túnarsjitekten, kriminelen, fuotballers, froulju fan fuotballers, archeologen, mei elk siet ik each yn each, fan hert ta hert. (*slacht op'e holle*) Hjiirre, yn dy skatkist. Ek hoe't se derhinne sieten, harren klean, harren wize fan dwaan, eachopslach, harren ynterieur, de rook fan dat ynterieur. Sa'n bytsje elk út it omropwrâldsje die der ta, komiken, presintatoaren, quizmasters, de persoanlikheden dy't eins allinnich mar persoanlikheden wiene.

MEREL: Bing Vandewaeter.

VIVIËNNE: Bing Vandewaeter. Krekt. De man dêr'tsto ûndersyk nei dochst! Ik fertel dy dit allegearre om't ik dy mei myn reputaasje, nee, mei myn talint... Dat ik dy mei myn talint behoarlik skewiele kin, moai helpe kin. Ik kin foar net te missen wearde wêze foar dyn ûndersyk, ûnskatbere wearde.

MEREL: Ik kin it best allinnich.

VIVIËNNE: Dat kinst net. Do hast in fin mear as in bears, do sjochst soms mear as oare minsken, do witst soms watst eins net witte kinst. Mar fragen stelle kinst net.

MEREL: Ik wit wêrom it giet, ik wit wat ik witte wol.

VIVIËNNE: Mar dan hast noch gjin fraach.

MEREL: Bin ek wol nijsgjirrich. En it is fassinearre. Bin ek wakker ûnder de yndruk. Sa'n man dy't hiel Nederlân it gefoel joech dat we yn in feilige wrâld libben. As se mar in bytsje laitsje koene.

VIVIËNNE: Ik gean mei.

MEREL: Dat hoecht wier net.

VIVIËNNE: Ik gean mei. Dat moatst moai fine. En handich.

MEREL: Ik kin mysels wol rêde.

VIVIËNNE: (*skrikt wer*) Wer. Krekt as...Ja, myn sicht is wat oars as oars.

MEREL: Wat dan?

VIVIËNNE: Ik ha dat wol faker as ik my wat spand fiel. It is krekt of wolle myn gedachten wat kwyt. Om net hingjen te bliuwen, mar omheech te stigen. Minken, dy't oan in ballon hingje, yn in koer bedoel ik dan, goaie ek ballêst oerboard. Ja, dy fergeliking giet wol

op, leau ik. “In ballon, een ballon, een balonnetje, een ballonnetje dat danst in de wind”. Kinst dat ferske wol?

MEREL: Nee.

VIVIËNNE: Ik neam it om't ik it graach wat fleurich hâlde wol. It kin wêze dat ik soms wat sjoch om't ik wat sjen moat. Lit ik it asjeblyft mar posityf benaderje. Dingen dy't ik fergetten bin en dy't dan wer even troch myn libben waaie. Bygelyks myn earste goudfisk. Krige ik fan Sinterklaas. Smoarde yn in pipernút. Dy goudfisk dus. Ik sjoch dy fiskkom noch wol foar my. Sa'n driuwend sêfte, wite pipernút en dy earne fisk op'e rêch...eins wat goud-pears. Soks nimst dochs mei, sûnder datst it yn de gaten hast. Ik gean mei. Dat moatst wol leuk fine. En handich. Do witst net watst no krekt freegje moatst. Do witst neat oer minsken.

MEREL: Ik wit hiel goed...

VIVIËNNE: Kinst alles wol oan de weet komme, alles, ast mar de goeie fragen stelst.

MEREL: Ik ha mar in pear fragen. Wier, mar in pear fragen.

VIVIËNNE: As dat no mar krekt de goeie binne. Harkje, Merel. Oftst it no wolst as net, ik gean mei.

2. YN IT HÛS FAN MIMI

MARLEEN: Net skrikke! (*stilte*) Mimi, net skrikke! (*stilte*) Mimileave, wêr bist?

MIMI: (*komt de keamer yn*) Hoe...?

MARLEEN: Wat hoe?

MIMI: Neat. Ik freegje my allinne ôf hoedsto...

MARLEEN: Oh, hoe't ik deryn kaam bin? Do hiest de foardoar iepen stean. Dus. Elkenien kin der samar ynrinne. Oft dat no sa'n winsklike situaasje is, wit ik net. It is hjir sa iensum en ferlitten. Ferjitst net datsto in frou allinnich wurden bist? Is boppedat net belangryk hoe't ik deryn kaam bin. Ik bin der, suske. Dêr giet it dochs om. Dus. Tocht even datst net thús wiest.

MIMI: By Pedro. Ik wie by Pedro.

MARLEEN: Piedro?

MIMI: Pedro.

MARLEEN: Wa is Pedro? Hast dochs net sa koart nei Bing al...

MIMI: De parkyt.

MARLEEN: Parkyt? Ik sjoch gjin parkyt. Wêr dan, dy parkyt?

MIMI: Wurkkeamer fan Bing. Dat is no de keamer fan Pedro.

MARLEEN: In parkyt mei in eigen keamer. De wurkkeamer fan Bing! Wêrom hie dy man in wurkkeamer? Hy wie dei en nacht yn Ljouwert by de omrop! Wat die hy hjirre mei in wurkkeamer? Ja, manlju wolle dat, wurkkeamers. Kikke se op om te sizzen: ik gean nei myn wurkkeamer. Dus. Mar dat dêr dan no in parkyt...

MIMI: Ik wurdt der rêstich fan. Dêr sitte. Bytsje tsjin Pedro prate.

MARLEEN: Tsjin in parkyt? Wat seist dan? Wat seist dan tsjin sa'n fûgel?

MIMI: Pedro is net sa'n fûgel. Hy begrypt alles, wit wa't ik bin, fan ûnder oant boppe. It falt net altyd ta.

MARLEEN: Ik, as dyn suster, begryp it wol. Wa kin dat no better begripe as ik? Dus.

MIMI: Ik hoech net begrepen te wurden. As ik mysels mar begryp.

MARLEEN: Lit my dy begroetsje.

MIMI: Wêrom no? Bing is al achtenfiftich dagen dea.

MARLEEN: Do woest alles yn stilte. Dat settest op de kaart: we bringe Bing yn stilte nei syn lêste rêstplak. Wa binne wy?

MIMI: IK ALLINNICH. En dragers fan de begraffenisferiening.

MARLEEN: Ik tocht; miskien is it net wier.

MIMI: Se hiene noch noait sa'n lichte kiste tild. Dat seinen se.

MARLEEN: Ik belle nei de omrop, krige ik sa'n famke derfoar, mei sa'n tekenfilmstimke, dat sei dat Bing der al jierren net mear wurke.

Ik sei dat ik dat wist, mar dat hy dea wie en oft ik miskien trochferbûn wurde koe. Mar der wie net ien dy't my helpe koe. Hearst it wol; ik ha myn bêst dien. Do ek, mei dyn stil hâlde.

MIMI: Hy wie it grutste part fan syn libben fan elkenien west, ik woe him allinnich fuortbringe, allinnich hy en ikke.

MARLEEN: Mar it wie ek wol in soad yn stilte...Dan is it net werklik stil, leau ik.

MIMI: It wie moai, sêft waar. Krekt wat ik hope hie. Bing wie gjin man foar rein en hurde wyn en in berûne loft.

MARLEEN: It is dochs krekt as is der wat oars geande. Do kinst my alles wol fertelle. Ik bin dyn suster. No hoechst net mear tsjin de parkyt te praten, want ik bin der.

MIMI: Net mear tsjin Pedro prate? Hoe lang bliuwst dan?

MARLEEN: Krekt salang as nedich is.

MIMI: It hoech om my net.

MARLEEN: Krekt sa lang as wy dat nedich fine. Ik ha woarstebroadsjes meinommen. In traktaasje.

MIMI: Gjin blommen?

MARLEEN: Do wiest dochs altyd sa gek op dy lekkere hertige woarstebroadsjes?

MIMI: Ik ha hielendal gjin honger.

MARLEEN: Je ite toch net woarstebroadsjes tsjin de honger! In woarstebroadsje ite je foar de lekkere bek. Ik bedoel, der is wier net in mins dy't yn de hongerwinter sein hat: wist wat ik no it leafst ite soe? In woarstebroadsje...Net ien, Mimi. En dat komt om't in woarstebroadsje bedoeld is foar de net al te grutte, oersichtlike, lekkere bek...Dêrom ha se der ek gjin woarst yn dien, mar in (*sprekt it oerdreaun deftich út*) sausyske...Siz. Kinsto dy Patrick noch yn it sin bringe?

MIMI: Patrick?

MARLEEN: Toe juh...by dat Krystmiel, do witst it fêst noch wol, yn dat kâlde hotel, mei de wite finsters...

MIMI: Wie dat net dy troude man, dy Patrick?

MARLEEN: Dy hie my derby foar de lekkere honger. Dus. Dat sei der altyd: do bist foar de lekkere honger. Dat fûn ik grappich.

MIMI: Se sille yntusken wol kâld wêze, dy woarstebroadsjes.

MARLEEN: Do moatst se noch efkes waarm meitsje. Ik ha se kâld kocht.

MIMI: Dan binne it dus heal ôfbakte produkten, dy woarstebroadsjes.

MARLEEN: Do hast toch wol in oven? In oven heart by it hert fan in hûs. Witst dat ik ien koe dy't my "syn oventsje" neamde? Ko Boter, út 'e Houtgehage. Hy siet yn 'e hinnehannel. Mar dat sit je al gau

yn Houtigehage. Frjemd dat sa'n man dan Boter hjit.

MIMI: Net alles hoecht altyd te kloppen.

MARLEEN: Hy wie wat breklik op 'e gong, As ie dan út syn auto, sa'n Amerikaansk bakbist, sjarmant wjukkeljend op my ôfrûn, sei hy it al: "der is myn oventsje!" Fûn ik sa grappich.

MIMI: Do likest my mear it type magnetron.

MARLEEN: Hoe sa?

MIMI: Ik wit it net...Ik ha it idee dat by dy altyd alles gau klear wêze moat.

MARLEEN: Ik snap net wat dat mei Ko Boter te krijen hat.

MIMI: Ik hie it oer dyn oventsje. Mar goed...Do hast se yn alle gefallen kâld kocht, dy woarstebroadsjes. Dan binne it dus healbakken breadsjes. As ik it net waarm meitsje, ha wy der neat oan.

MARLEEN: Ik meitsje se wol waarm. As ik wat foar de frettery kocht ha, meitsje ik it ek ôf.

MIMI: Ik sis allinnich mar datst mei heal kleare produkten oankomst. Dat sis ik, om't ik it sein ha wol. Blommen binne gjin healprodukten. Dêrom nimme minsken blommen mei as se by oaren op besite geane. Se wolle wat oanbiede wat kompleet is. (*stilte*)

MARLEEN: Mei ik wat sizze.

MIMI: Dat moatst net freegje as't al wat seist.

MARLEEN: Dat bedoel ik. Ik moat neat. Ik wol wat sizze en dat sis ik. Ik sis dy datst wat oerémis bist. Do hast it net yn de gaten, mar do bist wat fan de wize. Dat komt om'st allinnich bist.

MIMI: Ik bin net allinnich! Ik bin mei Bing.

MARLEEN: Bing is dea. Dy is sawat achtentritich dagen lyn begroeven yn stilte!

MIMI: Yn myn tinzen bin ik by Bing.

MARLEEN: Dat kin bêst wol wêze. Mar yn dyn hert bist allinnich. Dat sjoch ik. En no net sizze datst gauris op de keamer fan de parkyt sitst. It kin wêze datst dan minder allinnich bist, mar dat is allinnich mar sa om'st dy minder allinnich fielt. Dus. Ik kin dy allinnich mar helpe as ik earlik tsjin dy bin, Mimifamke...

MIMI: Net sizze!

MARLEEN: Wat?

MIMI: Mimifamke. Dat heart by wat west hat. Us mem sei dat wolris.

MARLEEN: Ja, tsjin dy.

MIMI: Koe se ek net bêst tsjin dy sizze.

MARLEEN: Se rôp it hiel súntsjes: Mimifamke. Foaral as't yn Fierweiïstân sietst.

MIMI: Yn wat?

MARLEEN: Fierweiïstân. Dat sei ús heit toch altyd as't wêr wat foar

dy út sietst te sjen.

MIMI: Hâld toch op, sis.

MARLEEN: Us Miem sit wer yn fierweïstân.

MIMI: Fierweïstân. Soks heard mear op in oarlochsgebiet: “Wy moatte ús militêren nei it bûtenlân stjoere. O...godskes. Wêrhinne? Syrië? Irak? Nee, slimmer...Fierweïstân”. Dêr wolst dea noch net lizze, toch yn Fierweïstân.

MARLEEN: Ik fûn it yn alle gefallen wol in grappich wurd. Ik koe der wol om laitsje.

MIMI: Och, lang lyn. Hoe lang is se der no al net mear, ús mem?

MARLEEN: Dat witsto best.

MIMI: Wat bedoelst?

MARLEEN: Net om it freegjen wat freegje. Om de tiid te deadzjen. Ha’k sa’n hekel oan. De lêste kear dat ik op âldjiersjûn by jimme wie, by Bing en dy.

MIMI: O ja, doe wie it.

MARLEEN: Sjochst datst it witst. Yn de earste minút fan de nije ieu wie it gebeur. Wy hiene der neat fan yn de gaten. We seagen nei it fjoerwurk. It soe wêze kinne dat se noch wat sein hat, mar dat ha wy net heard. Troch dat fjoerwurk. Se lei op it paadsje hjirnêst by de winkel. Under it boerd dêr’t “afgifte goederen” stie. Ik moastst der ek noch wol even om laitsje, achterôf, achterôf besjoen fansels, net op dat momint, fansels net. Mar do koest de lol der net fan ynsjen. Dus. Us heit soe ek lake ha, mar ja.

MIMI: De earste minuten fan de nije ieu. It hat wol wat moais. Sa de ieu ôfslute dêr’tst sa folop yn libbe hast.

MARLEEN: Is mar wat je yntins neame.

MIMI: Al dat reizgjen.

MARLEEN: Se hie de sinten dêrfoar. Se hie wol tachtich kear de wrâld yn it rûn reizgje kinnen. Doe’t se stoar wie der noch genôch. Dêr witsto alles fan.

MIMI: Dat ha ik al faker tsjin dy sein, ik kin it net...

MARLEEN: Maklik sein.

MIMI: Wolsto it dan ha? Ik jou it dy sa. Jild ynteressearret my net.

MARLEEN: Ik wurde bestraft yn dat testamint. Straf, om’t ik libbe sa’t ik libbe.

MIMI: Us mem wie it dêr net mei iens. Mei al dy mannen.

MARLEEN: Wat koe ik dêr oan dwaan?


MIMI: Al dy troude manlju. Do hiest miskien ek ris oan de froulju tinke moatten.

MARLEEN: Mei sa’n man hie ik al genôch oan’e kop. Wêrom moast ik dan ek nochris oan syn frou tinke?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto